

Kristendom en Mienskip

Fryske hagepreek fan S.J. de Zee

Wolsto siedzje, wolsto meane,
Wês yntiids foar 't wurk beret;
Strui dyn sied yn moarntiids ierde,
Wêr't it him skoan nei waaksen set.

Wapene mei dizze ienfâldige rymrigels, wol ik my hjir oan jimm' ferbine en sprek dêrby de hope út, dat itjinge ik te sizzen haw, al komt soks dan ek net fan in wittenskiplik man, in inkeld siedkerltsje befetsje mei, dat yn steat is om it waarm klopjend minskeherte te berikken.

Myn gelove seit, dat in hillige leafde-sinne jitte genôch krêft besit om ek it lytste siedkerltsje út de fruchtbere hertegrûn wei te patsjen en dat omhegen te lûken foar mear leafde, mear glâns en blâns, sûnens en tier.

Wy minsken hawwe wat yn ús, dat omhegen moat. Eat, dat syn tsjerker ûntflechtsje wol om frij en ûnbetwongen ien te wêzen mei dat grutte ferhevene, it swide ferhevene, dat wysels net begripe en trochgrûnje kinne, mar dêr't wy as lytse ienfâldige minsken, dochs in diel fan binne.

Yn it drokke libben fan alle dagen, by it fleanen, skreppen en bodzjen om it brea, sille wy dat altyd sa lyk net fiele. Faken is der tefolle, dat ús dêrby alhiel yn beslach nimt, ús yn syn earmen befiemet. Mar dochs binne der ek eagenblikken, dat der wat mei klearre stimme oan de poarte fan de siele tikket; eat, dat ús opskrillet út de dodde, wêryn't wy fersonken binne, en ús oanpoent foar hegere dingen, dy't wy sûnder mis te folbringen hawwe.

It is myn fêste mienen, dat ús libben in betekenis hat. Wy binne net allinne foar stoflike belangen op 'e wrâld. En krekt likegoed as in mesine, dy't út ferskate ûnderdielen bestiet en ta de alderlytste skroef ta syn plak ynnimt, om aanstens troch steam of elektrisiteit oanfitere, in grut gehiel te driuwen, sa hat ek ús libben in wyt, in swide roppinge.

As minsken foarmje wy de mienskip en yn dy mienskip leit ek de ikker dy't wy allegearre as arbeiders yn de wyngerd fan God hawwe te fersoargjen, te bebouwen ta rispinge fan reine wierheid en neisteleafde. Op dy ikker, wêrfan't de grûn braak leit, stiet ek de ploege, dy't wy hantearje moatte om dy grûn fruchtber te meitsjen, sadat dêryn útstruid wurde kin it reine leafdesied, wêrtroch't it frucht fuortbringe kin, hûndertfâld, tûzenfâld.

Eltse minske, tarist mei it kostbere wapen fan betûft ferstân, besit dêrta de krêft, en de swide plicht, dy't dêrfoar yn syn herte hûzet, *moat* him oanfiterje foar wollen en dwaan om it libben te kroanjen. Sa't ik sei, faken wurde wy troch in nuver wyldheisterjend wrâldsgedoch tefolle yn beslach nommen en litte wy ús soms ek sa maklik meitroaie ta de rouwe wyldedûns earmke yn earmke om it gouden keal. Mar it giet net op om hearrende dôf en sjende blyn te wêzen, om't der ek oars wat is, dat ús nedich hat. Dêrfoar moatte as foarste plicht de hannen út 'e mouwen en de ienriedigens stipe en befoardere wurde as in hillige striid.

Sok in striid, - want der moat foar striden wurde, - hat krasse minsken brek. Gjinn wrakken en swakken, dy't te min fearkrêft besitte om it hegere oan te kweekjen, mar krêftige leaten, ek fan ús âlde Fryske bloeiselbeam, dy't troch kinnen en wollen tsjûgje, fan in foarbyld foar oaren.

Wêrom't sok dwaan sa nedich is, sil men freegje? Wol, slaan de eagen ris goed iepen en dan sille wy it merkbite, dat de hiele wrâld, om sa te sizzen, ien grut siikbêd is, wêrop't de mienskip, tangele mei in slimme kwaal en dêr't amper gjin krûden foar woexen binne, de djip te bekleien lijer is.

Ja, ien grut siikbêd is de wrâld en de pesjint, dy't dochs sa nedich holpen wurde moat, wurdt yn de measte gefallen jitte slimmer ferhûddûke, want dêr't wy as minsken, mei safolle moais yn ús, en tarist mei krêftige medisinen foar in wisse help, de genêzing befoarderje koenen, rinne wy jitte faken foarby en litte de leafde ferbliede.

Mar al binne der yn in wrâld, dêr't alles sawat op 'e kop set is, sa't it liket amper gjin krûden foar betterskip te finen, dochs sjoch ik klear en bleat de machtige helper, de wisse dokter, dy't, as minsken it mar oanpakke wolle, de wiere genêzing bringe kin, ja bringe sil.

Wa't dy dokter is? Wol, dat is de ynmoaie en reine Kristusgeast. Gjin skyn en falske blinkfranjes, wêrtroch't yn dat stik fan saken it lijen ferswierre is, mar dy moaie sûne geast, dy't út griis en langferfleine tiden jitte sprekt fan de krêftige pit: 'Frede op ierde, yn minsken in wolbehagen'. As ús minske-each, troch gjin stoflik goed of duvelsloaits ferblinde, no dy moaie geast sjen *kin*, sjen *wol*, dan tinkt my, moat de plicht fan hillich moatten ús ek op 'e siele barne, dat wy mear dwaan wolle as oant no ta foar de ferlossing fan de wrâld en it befoarderjen fan de genêzinge dêrfan. Want it ynwiere Kristendom, gjin skynkristendom, hat dy middels.

Kristendom en Mienskip, dêroer soe ik hjoed tsjin jimme prate, haw ik ûnthjitten en om't dy twa foar my tige oanelkoar besibbe binne, wol ik se hjir ek net skiede. Hja hearre nei myn fêste mienen ek net skaat te wurden en wol om't de Kristusgeast foar allebeide de swietrûkende blom is, wêrút it libben dije en stoflike, mar ek geastlike wolfeart bloeie kin.

Kristendom en Mienskip binne foar my ien en ik, dy't as ienfâldich man út it folk, sa jerne alles fan de praktyske kant besjoch, ik sjoch de wierheid dêrfan yn de klassike útbylding fan de bekende likenisse fan '*de meilydsume Samaritaan*'. It moaie byld, dat Jezus sels foar mienskipslibben útbylde hat.

Dy likenisse kenne wy grif allegearre wol, want it is ien fan de bekendste bylden, dy't domeny ús op 't fragelearen al foarhâlden hat. Letter hawwe wy it sels licht wol lêzen of it ferdúdlikjen heard yn in preek, mar de treftige betekenis derfan, al wurdt dy grif ek bare ûngelyk jûn, hawwe wy allicht nea goed fette. As dat sa wol wie, dan soe it, tinkt my, ek net oars kinne of de wrâld moast der in stik oars hinne lizze.

Nee, men hat steefêst tefolle oer dizze betsjutting hinne wâde, hoewol't it dochs net as in teltsje, as in mearke te beskôgjen is.

De likenisse fan '*de meilydsume Samaritaan*' hat in grutte wearde en foar myn ûnderwerp Kristendom en Mienskip is it de geve pit dy't allebeide yn ien en deselde bân bereaut, want dêryn sjoch ik it alderbêste, dat dy twa byelkoar hearre, net skaat wurde meie.

Wy witte it ommers wol, dat dy wetlearde man yndertiid oan de grutte Master frege: 'Wat moat ik dwaan, Hear, om it ivige libben te beërvjen?'

Ek witte wy, dat Jezus' andert dêrop wie: 'Behannelje jins neiste sa't jo sels behannele wurde wolle.'

Mar doe't de wetlearde man dat, sa't skynde, net like te fetsjen en op 'e nij frege: 'Hear! wa binne myn neisten?'

Doe kaam dat moaie byld, dat treftich skilderij, fan de bekende likenisse en wêrút de hannel en wandel fan minsken op 'e wrâld sa goed te hifkjen is.

'Immen,' seit Jezus, 'reizge fan Jeruzalem nei Jearicho. Syn paad rûn troch in oarde, dy't ûnfeilich makke waard fan strûkrovers, minsken waans doel it wie om de reizgers op har paad ûnferhoeds oan te fallen en dy te ûntfytmanjen, wat fan har gading wie. Krekt sa gyng it ek dizze reizger. Hy waard oanpakt, rûpele en útpûlke, wylst hja him boppedien jitte bûnt en blau sloegen en sa mei wûnen oerdutsen, amper foar dea oan 'e wei lizze lieten.'

Lit ús no, foar't wy fierder geane, dizze opset efkes neier besjen, dan sil der ús ek folle dúdlik wurde, wa't dizze reizger fan Jeruzalem nei Jearicho is.

Jezus sprekt fan *immen* (een zeker iemand) en mei dy *immen* moatte wy in wei út kinne. Wa is dy *immen*?

Wol, wy kinne it fan tinken allinne wol ha, fiele en taaste, wa't hjir bedoeld wurdt. Der wurdt ommers net by sein fan wat naasje, fan wat stân, wat leare, wat partij dizze man is. Allinne dat wurd *immen*, tekenet ús *de minske*, dy't as de reizger troch it libben giet, dêre troch rovers besprongen en slim tamtearre wurdt.

Wannear't wy no de likenisse wer folgje, dan wurdt der fierder yn ferteld, dat der ek oare minsken dat paad lâns kamen en Jezus sprekt fan de pryster en de Levyt, dy't hoewol't hja de stumper wol seagen, gjin hân útstieken om har meiminske te helpen. Dizze lju wienen dochs allebeide grif ek wol tarist mei krêfthannen, minsken dy't wol helpe koenen, dat ferplichte wienen, soe men sa wol sizze, mar sûnder in greintsje yn de tsjinst fan Gods hillige leafde te folbringen, strieken hja troch en lieten de lijer oan syn nearzich lot oer.

Ek dizze lju moatte wy, foar't wy fierder geane, earst efkes better hifkje en dêrom doch ik hjir de dryste frage: wêrom knypten dizze minsken sa stikem út en bekreunden har net om de man dêr oan 't paad?

Ja, 'oardielje net', stiet der skreaun. Wolno, ik sil it ek net dwaan, mar dan weagje ik it dochts om mines derfan te tinken. Dat tinken is Godtank jitte net ferbean, en as de minsken it trochstrings wat mear dienen, wat better en klearder woenen, de wrâld soe der sûnder mis ek folle by winne kinne. Mar om't dat tinken myn rjocht is, dêrom wol ik dat moaie Godswapen hjirby ek net sûnder brûken yn 'e skie hâlde, mar it frij en feardich brûke.

Jitris, wêrom teagen dy troch Jezus neamde pryster en Levyt sûnder helpen fierder? Och, soks kin him mûlk oan de omstannichheid fan it iene of it oare lein hawwe. Miskien hienen hja wol oare droktmen, dy't needsaaklik útfierd wurde moasten en net dulden, dat hja in meiminske, yn dy nearzige sitewaasje, holpen.

Ek kin it wêze, dat har herte gjin greintsje leafdefjoer besiet en hja foar eigen behâld op har hoede, mar handich fierder strieken om sels de rovers net op 'e lea te krijen.

't Is ek wol mûlk, dat hja yn eigen eagen fier boppe dy man dêr oan 't paad stienen. Wat gyng dy swalker harren oan? Mûlk wie 't mar in earme Joad en dêr woenen hja allicht neat mei út te stean hawwe, har hannen net om besmodskje.

't Kin ek wier wêze, dat it, wannear't hja de lijer holpen, op har eigen bûse waaie soe. Want blinder, as 't op 'e sinten oankomt, dan binne der, wy sjogge it ommers sa jamk, ferskate trochstrikers, útknipers, dy't stikem de knoop op 'e pong hâlde en gjin heale reade sint offerje op it alter fan de leafde.

Hoe't it krekt west hat mei dizze lju, dat bliuwt in riedsel en wy kinne it net ferklearje, mar yn alle gefal, hja pykten út en lieten der letter de Samaritaan foar opdraaie en mei oanpiele.

No, dy Samaritaan dy rêde him der wol mei, want hy wie de man dy't net allinne fan Gods hillige leafde tsjûgde, hy wie it ek dy't dêr de bewizen fan joech. Hy seach syn meiminske yn dy neare omstannigens oan 'e wei en wie foar helpen ree. Syn *salve*, syn *wynsels*, syn *ezelke*, syn *jild*, ja, himsels hied er foar de stumper oer.

Wat moat ús hjirby no wer tige treffe? Dit, dat de grutte leafde en de gouden wierheid fan Jezus' leare foar it mienskipslibben hjir mei treftige kleuren útbylde is. Dy Samaritaan, ien fan it folk, dat doedestiids net sa bjuster achte en eare en troch de machthawwers fan dy tiid sawat bûten de mienskip hompt en stompt waard, is hjir de persoan dy't Jezus it moaie leafdewurk dwaan lit.

Tige maklik kinne wy troch dizze ienfâldige útbylding dan ek hifkje, dat nimmen bûten de mienskip stiet, mar dat wy allegearre as bern fan ien wrâld, fan ien tiid, fan ien heit, ta itselde húsgezin behearre, dêr't minsken it rjocht misse om harren, yn eigen eagen grut, op in foetstik te plantsjen en dêrmei as in echte Farizeeër, út 'e hichte op syn meiminsken del te sjen.

Tagelyk leart it ús de plicht om Gods hillige leafde foar ús neisten te besteegjen, dy leafde, dy't it heechste en it bêste is, omdat hja alles wol en alles kin.

Sjoch dêr de moaie tekening fan de ienfâldige likenisse: *De meilydsume Samaritaan*, troch Jezus sels nei foaren brocht as de rike skilderij foar 't libben.

Foar my is dy likenisse in klear bewiis, dat *Kristendom* en *Mienskip* oanelkoar besibbe binne en wêrtroch't der ús te hâlden jûn wurdt dat, wolle wy ús Kristenen neame, der ek wat fan ús ferwachte wurde kin foar 't libben.

De Kristusgeast leit ús in plicht op 'e skouders, wêrtroch't der yn de tsjinst fan it goede en wiere folle folbrocht wurde moat; net yn namme, mar yn wiere deden, en dêrom sis ik jitris: ús libben hat in betekenis; wy binne net foar neat op 'e wrâld.

Wannear't wy no it each ris oer de wrâld, oer de grutte mienskipsikker weidzje litte, dan moatte wy dochts fersteld stean en rint ús allicht de grize oer de grouwe by itjinge wy dêr oanskôgje. Riist der dan net maklik de frage: 'Wêrom dochts al dat nuver geskaai?'

'Hat dat Kristendom fan tweintich ieuwen, dêr't jimmer sa fan trompette wurdt, dan gjin better frucht te rispjen jûn, gjin mear fertuten dien?'

En ja, it moat ús fan 't herte, wy besouwe fan de skriele en minne útkomste, want it is houwen, bûtsen en slaan, stellen, moardzjen en barnen, wat de klok slacht. Unrjocht, falskens en hate sitte

masterlik op 'e troane en de wylde jacht nei stoflik goed nimt alles sawat yn 'e beswaaiïnge, wylst it mammonisme oer it minskdom regearret en minsken mei in heger ropping yn harren, foar him krûpe en krielje lit.

Sjoch, achte harkers, de skuld hjirfan moat net socht wurde by de Kristusgeast. De reine leare fan Jezus bliuwt der jitte like skjin om, mar it moaie, it ferhevene derfan is troch minsken yn in hoeke treaun, of wurdt slim ferheistere en fertrape.

Haw ik it mis, wannear't ik sis, dat der tsjinwurdich ûnder de flagge fan Kristendom, dat foar it echte merk trochgean moat, mar oars neat as skyn is, in roverspaad oanlein wurdt?

Haw ik it mis, wannear't ik sis: dat men op dat paad sels de Kristus oanpakt en Him de pearels fan de heechste wearde ûntfytmanet om dy mei faken from fertoan op it alter fan de duvel te offerjen? Nee minsken, ik kin 't net oars sjen en wy allegearre moatte it mei 't bleate each opnimme kinne, wêrby't de finsters fan 'e siele net iens iepenskroefd hoeve te wurden.

Soe Jezus, wannear't hy hjir yn dizze tiid wer kaam, Him net tige by tige besouwe moatte oer it dwaan fan syn namdraggers? Soe it moed Him net fol wurde, mear as yn syn eigen tiid, wannear't Hy de grutte kloften, de brede rigen seach, dy't hjirre yn syn namme de Mammon tsjinje? Soe Hy jitte net fûlder as earen it: 'Wee jimme skynhilligen!' tongerje moatte?

Stellich, as Jezus weromkaam, ik wol leauwe, hjir soe gjin plak foar Him wêze. De *doarren* mar ek de *herten* bleauwen foar Him op 't slot en allicht fûlder as earen, soe men derby wêze om op 'e nij in Golgotha foar Him op te rjochtsjen.

Ja, minsken, mûlk tongerje ik guodden fan jimme wat te stûf, mar ik kin 't net oars besjen en dêrom wol ik de klok der ek fan klippe. Elts kin dochs sjen, hoe't it derhinne leit en dêrom moat it net foarbysoen wurde. De Kristusgeast, dy't yn al syn gloede de krêftboarne wêze *kin*, wêze *moat* foar better mienskip, dy wurdt hoe langer hoe mear mishannele en dêr mei men net blyn foar bliuwe. Minskene dwaan hat dat moaie Kristendom oanraamd en der wat fan makke, wêrtroch't der tsjinwurdich ferskate binne, dy't der neat mear fan hawwe moatte. Om der lykwols sels wat foar te dwaan, of manmoedich de skouders derûnder te setten, dêr misse hja de krêft ta en troch sok in maklike sile te lûken, rint it jitte mear yn trewyn, wurdt de Kristusgeast alhiel wjuklam slein en in skynkristendom fêster op 'e troane holpen.

Mei brede blinkfranje behongen tieret it skyn-Kristendom yn tsjinst fan de Mammon, wurde der misstannen by misstannen *berne*, *fuorre* en yn *eare* hâlden, en jitte slimmer as yn de bekende likenisse fan de meilydsume Samaritaan, waarje de rovers rûn, strune it mienskipsmêd ôf en meitsje de reis troch 't libben ûnfeiliger. Talryk binne de prysters en Leviten, dy't trochstrike en útknipe; dy't gjin foet fersette foar de wiere neisteleafde, wylst it tal Samaritanen och, och sa behindich is. De rovers kinne har slach slaan en pakke yn, wat los en fêst sit; alles is fan har gading. Wa't dy rovers binne? Hawar, ik sil der inkelden fan oanwize, yn 'e hope, dat jimme safolle, dy't ik yn dit koarte tiidsbestek net neame kin, der sels by sykje. Alderearst sjoch ik dan it wrede mammonisme, dat as in sterke kening op 'e troane sit en minsken de fearkrêft út 'e rêgen stelt. Tige bretaal doar hy syn klankhoarn stekke, jamk sketterjend mei kristlik *dit* en kristlik *dat*, kristlik *foar* en kristlik *nei*, wylst er, om ta syn wyt te kommen, him der net om bekreunet, hoe't er mei syn ûnkristlik dwaan, de wiere Kristusgeast de foet dwers set. Skatten by skatten wit hy maklik te fergearjen, rykdom op rykdom te steapeljen, wêrmei't hy befoarderet, dat earmoede en ûnwissens foar't bestean it part fan mannich minske wurdt. In slim parasitisme kin hy kweekje, jamk ta'n koste fan sûnheidslinend en geastdeadzjend bodzjen, dat dêr troch mannichien foar dien wurde moat. Sinleaze weelde yn klaaiïng, hûs en bedriuw, te wetter en te lân, helle hy nei foaren, wylst de skreppers en klauwers, dy't hy ûnder 'e tomme hat, en dy't likegoed it rjocht op de opbringst fan de libbensikker hawwe, harren tefreden stelle moatte mei nearzige wenten, ûnfoldwaand ûnderwiis en folle dingen mear. Ta in útsûgerij, dy't de ûnseedlikens maklik yn 'e hân arbeidet, besit hy de macht, dy't faken de driuwfear is, dat mannich húslik libben ferniele, hillich mem wêzen fergalle en sinneglâns fan leave bern, oan wa't it laitsjende ljocht fan de wrâld beheart, rove wurdt.

Ja, foaral dy bern, dy't it net helpe kinne, dat se hjir binne, moatte it sa jamk ûntjilde. Wreed wurde hja soms behannele en moatte hja lije, omdat falske duvels fan ûnkristlikens harren de libbensoppen ûntstelle doare. Strak moatte hja de draggers wurde fan it gebou, dat mienskip hjit,

mar foardat der wat op har rêste kin, hat Mammon har al yn 'e kloer en fiteret har oan yn 'e trêdmûne fan syn min gedoch.

'k Tink oan de Kristusgeast, dy't ús winkt en ropt yn namme fan dizze bern, want yn har belang hawwe wy dochs ek it ferhevene wurd te ferstean dat Jezus sels foar dy minsken yn 'e dop op 'e harpesnaren poende: *'Lit de berntsjes ta my komme. Stean harren net yn 'e wei; want oan harren beheart it Keninkryk fan 'e himel.'*

Fersteane wy dat wurd? Op gjin fuotten en fiemen nei, want yn folle gefallen, dêr't wy hjir in wurd foar Kristus sprekke koenen, befoarderje wy jamk it wurk mei fan de rovers en tsjogge as de pryster en de Levyt, yn de likenisse, sels oan de bern foarby.

Under de skynflagge fan it echte Kristendom bart safolle ûnrjocht. Faken wurdt it foar it each wol moai oanklaaid, mar de blinkende skyl befettet in ûngeve pit en makket dêrtroch it mienskiplibben jitte siker as it al is.

Doe't de wizen út it Easten dy stjerre skinen seagen, teagen hja derop út om fan al har hawwen en hâlden moaie en djoere presinten oan it berntsje fan Bethlehem te bringen. Dat âlde byld is moai, foaral om de reine wierheidspit fan treftige wurdearringe, dy't deryn skûlet, en yn de wiere betekenis opfette, tsjûget it fan kostber wurk foar Kristendom en Mienskip. Tsjinwurdich makket ek mannichien him ree om mei in hopen útwrydsk poeha syn gesinken oan 'e Hear te bringen, sa't it dan hjit; mar 't komt der net oan ta, om't alles trochstrings ûnderweis al folle earder op it alter fan Mammon belânet.

Ja, ûnder dy skynflagge fart in hopen ûnrjocht, wat dan wer foar rjocht trochgean moat. Sjogge wy it net, hoe slim soms mannich karakter bedoarn, mannich siele-adel skeind, mannich wierheidspit dôve wurdt? Tink der mar ris by nei, hoe't it faken giet, wannear't der it iene of it oare baantsje te ferjaan is. Moat de skynflagge derfoar brûkt wurde, ei no, alla dan mar; heech yn top wurdt er ophelle as men dêrmei mar yn 'e geunst komme kin. Oan in oare kant wurdt dêrby jamk net frege: *wa binne jo?* mar wol: *hoe binne jo?* en kloppet dat net mei itjinge de easken binne, en wol de persoan yn kwestje dêrfoar út wiere oertsjûginge syn fearkrêft út 'e rêch net kwyt, dan wurdt de breakoer wol ris foar de noas weilutsen, wylst hy, dy't makliker belies jaan woe, ek maklik it plak ynnimt.

'Wij leven vrij, wij leven blij,' seit in âlderwetsk skoallesankje en mannichien fan jimme sil it, krektlyk as ik, yn 'e bernetiid wol ris ophelle ha. Mar kom der ris om yn 'e mienskip, dan hat it der mei dy frijens en blijens wol ris oan. Ja, men kin it wol gau goed prate en sizze, dy frijens en blijens bestiet foar elkenien, mar wy moatte dêrby fierder sjen as de noas lang is en dan komme der ek ferskate mei dy wurden op 'e lippen tige bekaaid wei.

Skyn is yn folle dingen foarenoan, wêrtroch't de wierheid faken gjin herberch krije kin. Sa yn 't libben, yn 't húsgezin en ek yn 'e tsjerke. 'k Sil net alles oer ien kaam skeare, mar wy sjogge it faken, soms wol yn eigen sibbe rige, hoe't it derhinne leit; ek hoe't de Kristusgeast dêr brek is. Yn mannich saneamde Kristlike gemeente wurde alle leden fan de tsjerke bruorren en susters neamd. Sneins komme hja byinoar en lofsjonge as bruorren fan itselde hûs de Heare, wylst mynhear *dy* en mefrou *dy* op de djoere plakken de foaroansitters binne. Bruorren en susters hjitte hja, mar yn de tsjerke wurdt it al ta in leagen makke, om't de earne bodder der net op in kjessen foarenoan, mar op de hurde houten bank efteroan sit. En kom no ris yn 't libben, wêr is dan in spoen fan dy sibbe bân te finen? Dêr waait de wyn dan faak út in hiele oare hoeke, omdat de saneamde 'standen', en dy't yn 'e tsjerke al te merkbiten wienen, oan 't skiftsjen geane, oergeunstigens, ûnferdraachsumens en hate fan de iene tsjin de oare de kop opstekke.

Allegear binne it dingen, dy't de Kristusgeast skeine en slim flokke tsjin it sêft fermoanjend wurd út Jezus' mûle: *'Jimme binne allegearre bruorren en ien is jimme Master.'*

Kristendom en Mienskip, ja, hja hearre byinoar, mar om't de Kristusgeast gjin wenplak fine kin, rekket er al mear en mear yn 'e tizen. Talryk binne jitte de rovers, dy't de Mienskip ûnfeilich meitsje en dêrby de Kristusgeast tamtearje.

Tink mar ris oan de wrede duvel *Alkoholisme*, dy't de loksblommen jitte foar folle minsken teskromfelet. Dy't wolfeart en sûnens, stoflik en geastlik knoeit, en net allinne in tsjinwurdich slachte oanraamt, mar ek in kommend slachte bedriget; datselde slachte, dat strak it rjocht kriget,

om ús mei de finger oan te wizen en te freegjen, wat wy foar harren dien hawwe om Kristus' wille. 'k Sjoch de grutte slokop, de reus *Militarisme*, dy't safolle ferswolget en mei syn blinkfranje behongen yn de tsjinst fan mammonisme sa'n ûnhjirmlik grouwe slompe jild út it Mienskipsmêd sûget. Hoefolle better soe dat jild yn de wiere tsjinst fan Kristus, dy't sei: '*Wa't mei 't swurd begjint, dy sil troch it swurd fergean,*' bestege wurde kinne. Dan hoefde it gjin miljoenen fan jonge krêftlibbens te kostjen en soe de loft net trilje fan kanonne-ferdjer, de grûn net weakke wurde mei kostber minskebloed.

As wy al dat gekke jildweitôgjen ris goed merkbite, dan moat it ús wee om it hert wurde, wannear't wy betinke, dat mannich flinke ynstelling, saliken as sanatoaria, sikehuzen en ynrjochtingen fan ûnderwiis hjir kwine om't der gjin jild foar is. Dan moatte wy yn opstân komme, dat ús earbiedwaardige âlde minsken, mei har sulverskier hier, kromme rêgen en wrakke skonken jitte gjin foldwaand pensjoen hawwe. Yn de Mienskip, wêrfan't de wiere grûnlagen de reine kristlike leafde wêze moasten en koenen, wachtsje harren no jitte, foar har jierren en jierren skreppen, skriele biten en brokken of de neakene keale muorren fan it earmhûs.

Kristlik yn namme, sa klinkt hjir yn folle dingen de klok, mar yn de died, ho mar! dêr komt it faken net oan ta. Wol hat men de leffe moed om Kristus foar eigen stoflik belang of foar de brânkasten fan mammonisme te brûken, dermei te spegeljen en te pronkjen, mar de Kristusgeast, de wiere ferlosser fan in slim tangele Mienskip gunt men gjin plak. Sels ûntbrekt it net oan leffe, net genôch te lekjen moed om de namme *Kristus* en *kristlik* ta in útblinker te brûken foar de troanen fan dea en ferdjer. Dy troanen, dy't hjir op it Mienskipsfjild opboud steane mids bloed en triennen fan in lijende wrâld.

Kristendom en *Mienskip*, dêroer haw ik hjirre yn in koart bestek it ien en oar meidiel. Dy twa, it is myn ûnferwrikber leauwen, hearre ien te wêzen, de wiere grûnlagen besteane derfoar. Dy grûnlagen binne ienkear lein troch de grutte Boumaster, dy't it hiele plan oanjûn en goed útbylde hat nei in kras bestek, dêr't minsken wat moais fan meitsje koenen. Dat bestek is lykwols slim fersalske, weimuozze of ferkwânsele wurden en it Mienskipslibben, nei de wiere betsjutting fan it Kristus-evangeelje, hat dêrtroch jitte nea foet krije kind.

Talryk, net te neamen, binne de misstannen, grut it ûnrjocht, breed it ferdjer yn ús saneamde Kristlike Mienskip. Yn myn ienfâldich wurd haw ik dêrfan mar in driipke sizze kinnen en it hûndertfâld, dat ik fergeat, of net besprekke koe - yn de koarte tiid my gund - moatte jimme sels mar oanfolle, want it moat nei foaren brocht wurde, breanedich.

'*Wa't eagen hat om te sjen, dy sjogge it, en wa't earen hat om te hearren, dy hearre it,*' seit Jezus: '*Nimmen kin twa hearen tsjinje, of hy sil de iene leavje en de oare hate moatte.*' En dêrom freegje ik hjir: '*Moat it yn dizze lijende Mienskip sa fuort lije?*' '*Sil it dêre sa bliuwe?*'

En dan is myn andert '*nee*' en jitris '*nee!*' 'k Haw Godtank jitte gelove yn minskene *kinnen* en *wollen*, ek yn har *dwaan*, want troch de brede en wrede tommelweagen fan it ûnrjocht, it leedzje en 't grouwêlich ferdjer fan ús tiid sil der einliken dochts berne wurde moatte in klearder útkyk, in better fielen, in krasser witten, dat it sa net langer kin.

Troch it slim knipende twangjok fan it heechtjifierende mammonisme, de gekke wyldedûns om it gouden keal, sille de fjilden wyt wurde om te rispjen foar in nije, ljochtere tiid. Dêrfoar sil de sinne omhegen komme, syn bliere pylken oer it Mienskipsmêd struie, syn waarme gloede yn de herten bringe.

Troch dat gouden sinneljocht sille de skilen fan 'e eagen falle, de minsken elkoarren fine as bern fan ien en itselde húsgezin, dêr't plak is foar alle gearre.

Dat ljocht sil harren ek de hânwizer fan de Kristusgeast toane, it paad, dat de berchwei oprint, nei blider wrâld en dêr't de iene foar de oare de meilydsume Samaritaan wêze wol, dochts deiende de rovers, dy't it paad jitte ûnfeilich meitsje.

Dat paad, dat moat ek uzes wêze. Friezen en Friezinnen! kies it as it goede paad, ús aard en wêzen meie dêr net te steech ta wêze. Wy reitsje dêr net op 'e doele of yn 'e mist, want der giet ús in krasse lieder, in betûft hoeder foar en dat is Kristus. Hy winkt ús.

Hy is in lieder, mar ek in feardich strider, want hy hat de lea omgaspe mei in glânzgjend swurd. Hy lit dat net yn 'e skie sitte om dêryn te ferroastkjen, mar brûkt it mei syn wisse hân. Net om it mei

bloed te besmodskjen en kostbere libbens te ferdylgjen, Godtank nee! mar wol om de Mienskip te suverjen fan ûnrjocht, de sûnde te ferbaljen.

Op dat paad, dat ynslein wurde moat, hat Hy ús brek. Net allinne as Syn nammedragers, mar as striders, dy't fiele, dat se wat kinne en wat moatte, mei in krêftich wollen ta ferlossinge fan de wrâld. En al mei foar mannichien dy berchwei yn 't earstoan ek wat steil lykje, mei de wiere Kristusgeast ta stêf sil it rinnen flotsje, de foet net glide.

Weits op dan! jimme neiteam fan in Kening Friso! Bern fan de Noarderiggen! Foarút! foarút! ei, sjoch it daagjen, want ek yn jimme herte leit in krêft beskûle, dy't as de pearle fan grutte wearde fertuten dwaan kin. Klip de klokken en tsjoch sels mei yn 't spier, want Gods hillige leafde moat ek troch ús dwaan oan de wrâld iepenbiere wurde, dêrfoar moatte wy ús net te swak, net te lyts, mar ek net te grut fiele.

Mei maklikens komme wy net, dêr't wy wêze moatte, likemin mei ûnferskilligens of sleauwens.

Mei sloppe knibbels komme wy gjin berchwei op, ek net mei by de pakken sitten te gean en yn maklikens te sizzen: 'Wy moatte op God betrouwe, Dy sil alles wol ta 't bêste liede.' Nee, wy moatte sels te set, ús krêften toane, de hannen oan 'e ploege slaan. Sil God alles ta 't goede liede, dan hawwe wy as Syn arbeiders dêr ek foar te krewearjen. Wolle wy dat net, of binne wy dêr te futleas ta, dan steane wy God yn 't paad en smite Kristus dwerse kneppels foar de fuotten.

In frisse nije wyn moat oer it Mienskipsmêd strûze. In Pinksterklok moat liede, en dat is ús wurk.

Dy *wyn*, dy *klank* mei ús net foarby strike of yn 'e kâlde klean hingjen bliuwe, mar dy moat it herte berikke, as de grûn, wêrút alle moed, alle fearkrêft omhegen tine kin, fol fan hillige geast.

Gjin wurd of geast fan Kain mei ús hjir liede.

'Bin 'k hoeder fan myn broer?' 't Past net foar ús bestean,

Wy neame ús dochs nei Him, dy't God yn leafde tsjinne,

Wolno, lit ús dat paad, sa goed wy kinne ek gean.

Dêrom gjin *heal* mar *hiel* en *goed* wurk dien. Kristusgeast hat ús brek, lit dy ús dan ek fine as flinke Kristenen, dy't net allinne frommens preekje, mar ek dogge, itjinge der fan frije frommens te wachtsjen is foar Kristendom en Mienskip.